

Mei de timmerman op 'en paad

FD 26-3-'11

Roman

troch Jaap Krol

Alles is by my op it stuit wat yn beweging. Ik stean ek noch mar twa dagen foar de klasse. Leafst hold ik op, mar dat kin noch net. En ik wit net iens oft ik mei it koar troch wol.' (...) 'Ik bin wat mei skriuwen fan lietsjes begûn, en mei optredens. En ik doch wat timmerputsjes, foar it jild. Mar ik fyn dat ek moai wurk. En dan ha 'k noch in âld boat kocht, no ja, sa rommelje ik wat oan.' (side 181)

Sjoch hjir it libben yn in nutedop fan Thomas van der Wal, haadpersoan út de roman *Lytse histoarje fan langst* fan sjonger/skriuwer Bennie Huisman. It ferhaal fan Thomas spilet him ôf yn de simmer fan 1979 en wurdt ôfwiksele mei ferslaggen fan it skriuwproses troch de skriuwer, sa't er dy skreaun hat yn de winter 2009/2010. Dizze roman is dus ek in stik *work in progress*, wêrby't de persoanen Thomas en Bennie gearfalle. It autobiografyske aspekt slacht sa foar master op.

Thomas is in rommelder - mar foaral in stroffelder. As jonge tritiger hat er al twa froulju ferlitten (Eke en Gerbrich) en wit noch net oft er mei syn nije leafde Anna fierder gean moat. No binne dat fansels faak foarkommende yngrediënten binnen de ferbyldingswrâld fan de roman (hoe autobiografysk dy ek wêze mei), miskien sels hiele



Bennie Huisman. Foto: wikipedia/Linus Harms

gewoane. Mei Eke lykwols hat er in dochter, Hanna, dy't hast tolve wurdt en hieltyd mei mear klam de wêrom-fraach oan Thomas stelt: wêrom is heit eins fuortgien?

Famyljeman

Thomas is in famyljeman, dy't oan it begjin fan it boek te krijen hat mei it ferstjerren fan syn beppe. De pake en beppe binne wichtich foar Thomas: by harren fynt er leafde en hat er smûke mominten dy't er by syn eigen heit en mem net fynt. Harren hûs yn it Feen is it hûs fan de noflike oantinkens. Bennie Huisman hat it letter dan ek kocht om der yn te wenjen, it ûneindich te ferbouwen en der oant de dei fan hjoed kreatyf yn te wêzen - bygelyks mei it

skriuwen fan dit boek.

Mar wêrom is heit no eins fuortgien? It antwurd moat foaral socht wurde yn 'e dramatyske miskream dy't Eke hie en de dêropfolgjende stille begraffenis fan it bernstje. Dat barren komt urginter nei foaren nei de fynst fan in foto fan Thomas en syn op dat stuit swiere freondinne, nommen op it houliksfeest fan Thomas syn suster. Mei Hanna tichteby en oare famyljeleden en freonen dêr net fier achter, wurdt er hieltyd mear twongen in konkreet antwurd te jaan.

Lytse histoarje fan langst is in detaillearre skreaune roman oer famyljebannen, leafde en dea. De 'fiktive' haadstikken beslaan in perioade fan in pear dagen, dêr't Thomas mei

syn libben omtiist - mar wol sa dat de lêzer der net echt by belutsen wurdt. Hy stiet derby en sjocht dernei. Hoewol't de skriuwer ferklearret dat ek de autobiografy in foarm fan fiksje is, smyt dy oanpak in gefaar op: as de ôfstân tusken de skriuwer en it personaazje te lyts wurdt, driget de ympakt fan in tekst troch te slaan yn neatsizzendheid en wurde de ferwachtings fan spanning of ûntjouwing net ynlaske. De skriuwer hat syn haadpersoan yn myn eagen tefolle swimme litten yn de ferriedlike wrâld fan grutte gefoelens en begrutlike tinzen. Bygelyks sa: 'It wurdt tiid om te pakken. Om wer mei it boek op reis te gean. Dêr binne meastal gjin diken ta nedich, dat spilet him ôf op 'e slingerpaadsjes fan it inerlik.' (side 83).

De dialoach is faak ek befêstigjend ynstee fan dat it sprutsen wurd konfrontearret of de ferhaaltried stjoert:

'Wiene jim net poerrazende lilck op de dokters?' Thomas skopt in stientsje fuort dat skeanwei de feart yn rûgelt. 'Nee,' seit er nei in koarte stilte, 'nee, dat wie net sa. Sille wy werom?' Peter knikt en begrypt dat it petear oer dit ûnderwerp klear is (side 123).

As in drama mei gjin pinne te beskriuwen is, moat in skriuwer oare middels fine om it ta libben te meitsjen. Sokke ferklearjende sinnen driuwe in lêzer nammentlik krekt fierder fan it drama ôf. Skriuwer: ferbyldzje!

Dochs is Huisman skriuwer genôch om Thomas net alhiel fersûpe te litten. Dêr is de haadpersoan gewoanwei te sympatyk foar, op hiel eigen wize wrakseljend yn de post-hippyske jierren santich, doe't de babyboomers ek oan it wurk moasten en gelok al wat minder gewoan waard.

Huisman is skriuwer genôch om Thomas net alhiel fersûpe te litten

Huisman hat dizze foar him beslissende tiid goed fongen: sûnder yn klisjees te fallen giet de simmer fan 1979 stadich foarby. It personaazje Thomas is ek in man fan alle tiden, waans swaktes krekt syn hannelsmerk binne: skrutten, ûnwis, earlik en sljocht op froulju. In timmerman dy't syn eigen libben timmeret, soene je sizze kinne. No noch in ûnmooglik hûs.

i *Lytse histoarje fan langst*, Bennie Huisman. *U'tjouwerij Fryslân*, 17,50 euro

